



ZON-DAG BOEK



PROTESTANTSE GEMEENTE Wirdum Fr e.o.

Zondag 27 januari 2008

Medewerkers

Voorganger: Ds. Hinne Wagenaar
Koster: Jannie Smids
Ouderling van dienst: Janke Riemersma



Organist: Klaske
Deinum

De Dienst

De tsjinst stie yn it teken fan de Kerkbalans.
Tekst: II Korintiërs 9. Paulus schrijft hen i.v.m. de



geldinzameling.
Vers 7: "Laat
ieder zo veel
geven als hij zelf
besloten heeft,
zonder tegenzin
of dwang, want
God heeft lief wie

blijmoedig geeft".

De tsjinst wie yn
elkoar set yn
gearwurking mei
de rintmasters. It
mocht perfoarst
gjin 'donderpreek'



wurde. Dat soe it selde wêze as yn in
gearkomste foeterje oer de minsken dy't der net
binne tsjin de minsken dy't der wol binne.
De predikant gie yn op de ferskillende manieren
wêrop der mei om gien wurd. Op plakken yn de
VS binne tsjerken wêr't op listen stiet hoefolle
minskens jouwe. Yn Afrika binne tsjinsten wêr't
minskens harren bydrage jouwe, en wat ek
tsjininoar op giet.

Hijr dogge wy dat net. En dochs is it goed om der
by stil te stean. Faaks hawwe minsken net
troch dat de tsjerkemienskip bestiet troch wat de
leden jouwe. De predikant leit út dat hy oan
it ein fan syn stúdzje der pas by stil stie hoe dat
siet. Oant dan wie it gewoan nea ter sprake
kommen. Foar in klublidmaatschap is it hiel
gewoan om de frege priis derfoar te beteljen. At
alle leden fan de tsjerke krekt safolle betelje
soenen as foar it lidmaatschap fan de fuotbal- of
tennisferieniging, dan hienen de rintmasters in
stik minder wurk en wie der genôch jild om de
begrutting yn evenwicht te hawwen.

Doch is it yn de tsjerkemienskip oars. Dêr is
betelje net ferplicht om lid te wêzen. Der jouwe je
wat je kinne en sûnder tsjinsin.

VOORBEDE

Hjoed waard op hiel folle plakken yn de wrâld stil
stien by de befrijing fan Auschwitz. Yn it gebed
wurdt yn de dat kader frege om ús en de wrâld te
bewarjen foar (rassen)diskriminaasje en
ûnferdraachsumens.

Bloemen

De blommen giene nei de fam.
Nauta yn de Tjitze de
Boerstrjitte
Het blomstuk wie makke troch
Griet Kielstra.



Ús Heit / Onze Vader

Op in gemeentejûn waard frege at it Ús Heit yn
de nije Bibelfertaling ek beskikber steld wurde
koe.

Dizze snein binne oan de minsken
geplastificeerde kaartsjes útdield. Op de iene

kant stiet it 'Us Heit' en op de oare kant it 'Onze Vader'. De iene út de Fryske Bibel fan 1978 en de oare út de NBV 2004.

De kaartsjes bliuwe yn de tsjerke.

By de útgong kin elts de beide gebeden krije om yn de lieteboeken of de Bibel te plakken.

Collecte

1e collecte wie foar de diakonij.

2e collecte wie foar it ûnderhâld fan gebouwen.

De kerk, daar zit muziek in....

It favorite liet fan Hinke Meindersma:

*'Hear, wês
mei ús oant
in oare kear'.*

Hinke
fertelde
sels oer it
werom en it
liet waard as
leste ferske
songen

